

Ljouwert, febrewaris 2025

## Iepenhartige en oansprekkende biografy mei in romme seleksje fan de gedichten fan Jacobus Quirynd Smink

**Titel:** Skitterje en skûlje  
*Jimladream, it libben fan in bipolêre dichter*

**Auteurs:** Marian Hulshof  
Jacobus Quirynd Smink

**Tal siden:** 271

**ISBN:** 978-94-6365-733-4

**Priis:** € 27,50

### Oer it boek

De dichter Jacobus Q. Smink (1954-2024) wie in markant persoan. Nei syn jeugd yn Sondel (Gaasterlân) en syn studintetiid yn Grins wenne er it grutste part fan syn libben yn Eindhoven, dêr't er wurke as learaar Nederlânsk. Yn 2022 kaam er werom nei Sondel, dêr't er de lêste twa jier fan syn libben trochbrocht.

Hy wie ûnwjersteanber sjarmant, mar faak ek ûnbrûksom. Syn bipolêre steurnis brocht ferslavings oan alkohol, nikotine en kannabis mei, wêrtroch't allerhanne problemen ûntstienen. Dêr skreau er iepenhertige gedichten oer. Ek al wenne er yn Eindhoven, hy bleau dichtsjen yn syn memmetaal, it Frysk.

Jacobus Q. Smink en Marian Hulshof kenne mekoar fan harren stúdzjetiid yn Grins. Tsjientallen jierren nei harren moeting frege er har in blomlêzing út syn gedichten te meitsjen en ynterviewde sy him oer syn literêre boarnen, froulju en ferslavings.

It resultaat is in biografy oer Jacobus Q. Smink, waans libben oanskôchlik makke wurdt mei in romme seleksje fan syn gedichten. Syn gedichten binne ûnbedimme en humoristysk. It is dan ek net om 'e nocht dat er yn 2013 de Gysbert Japicxpriis krige, de wichtichste literêre priis fan Fryslân.



### Oer de auteur

Marian Hulshof (1951) debutearre yn 1987 mei *Leren interviewen*, in hbû-metoade foar it profesjonele fraachpetear. Har earste biografy giet oer har mem: *Ik wil meepraten* (2022). Sy studearre Nederlânsk, Frânsk en Spaansk oan de Ryksuniversiteit Grins, foltôge de Kunstacademie Minerva yn Grins en studearre oan de Skriuwersfakskoalle. Neist skriuwster is sy keunstner. Sy makket kleurrike skilderijen mei ferve en tekstyl, en wurket út har atelier yn Ljouwert wei.

[www.marianhulshof.nl](http://www.marianhulshof.nl)

---

### Underskrift foar de redaksje:

Wolle jo mear ynformaasje, in resinsje-eksimplaar bestelle of in fraachpetear mei de skriuwer, dan kinne jo kontakt opnimme mei: Jitske Kingma, [jitskekingma@elikser.nl](mailto:jitskekingma@elikser.nl), +31 58 2894857, +31 6 48626286